

Beneamingsbeslút vice-foarsitter Konsultatyf Orgaan Fryske taal

De Minister fan Ynlânske Saken en
Keninkryksrelaasjes,
Mei it each op it brief fan it
Konsultatyf Orgaan Fryske taal fan
14 febrewaris 2006;

Mei it each op kêst 3 fan it
Ynstellingsbeslút Konsultatyf Orgaan
Fryske taal (Stcrt. 1998, nû. 33; 2002;
nû. 62);

Mei it each op kêst 3 fan it
Beneamingsbeslút Konsultatyf
Orgaan Fryske taal (Stcrt. 2002, nû.
62);

Beslút:

Kêst 1

Ta vice-foarsitter en tagelyk ek ta lid
fan it Konsultatyf Orgaan Fryske taal
wurdt beneamd: de hear A.A.M.

Brok, wenjend yn Snits.

Kêst 2

Neffens it bepaalde yn kêst 3, fjirde
lid, fan niisneamd Ynstellingsbeslút
wurdt de hear Brok beneamd foar in
periode fan fjouwer jier.

Kêst 3

Dit beslút giet yn op de twadde dei
nei de datum fan útjefte fan de
Staatscourant dêr't it yn pleatst
wurdt en wurket werom oant en mei
14 maart 2006.

's-Gravenhage, 18 july 2006.

*De Minister fan Ynlânske Saken en
Keninkryksrelaasjes,
ut syn namme,*

*L.A.M. van Halder, directeur-generaal
Keninkryksrelaasjes en Bestjoer.*